


1-5-277

'T SKIEPPE- STURTSJE



doarpskrante fan tsjerkwert e.o.

REDAKSJE: Henny Leicht,
 Wyke Blanksma-v.d. Witte, tel. 9487
 Jan Melchers, ,, 4116
 Rients van Buren, ,, 9280
 Jan Dijkstra, ,, 9498

TYPE- EN STENCILWURK: Ineke Dijkstra-v.d. Meer.

OMSLAG: Albert van Lingen Jr., Ljouwert.

REDAKSJEADRES: Sylroede 5.

BANKRELAEESJE: Rabobank, Bolsward; gironr. 856.829 t.n.v.
 Rabobank, Bolsward, rek.nr. 3087.56.800,
 t.n.v. It Skieppesturtsje, Tjerkwerd.

.....

De kij lizze wer yn't smûke bûthûs of de keale lizboks, it wetter stiet op 't lân, it lêste jongfé roungear foar de hikke. De bern binne wer drok, hwant stoarm en Sinteklaas binne ûnderweis.

Sels yn Tsjerkwert kaem de âlde biskop en hy wie net iens sa botte ûntofreden oer de gong fan saken yn ús doarp, útsein inkelde chronyske gebreken.

De redaksje fan ús Skieppesturtsje is ek tige tofreden oer de rinnende saken. Jo sjogge, dat der al forskate forieningen en persoanen kopy oandroegen hawwe.

Ek it oantal abonnées bûten ús doarp groeit en miskien hawwe sy ek wolris hwat to melden. Wisten Jo, dat it fierste krantsje hielendal nei Hellendoorn giet?

Jo hawwe de tiid oant 15 jannewaris om Jo stikje yn to leverjen.

De redaksje en har meiwurkers winskje Jo goede krystdagen en in lokkich nijjier ta.

OANT SJEN YN 1978!

Jan D.

"Eensgezindheid": 1922 - 1977.

Op 'e joun fan 24 okt. jl. hawwe as leden fan it korps, ne oan't njoggen úre ta blaest to hawwen, û.l.f. Jan Blanksma, ús tradysjonele "Jiergearkomste" wer hâlden; einliks de moaiste korpsjoun fan it jier.

Foarsitter Fokke Gietema spriek in wolkomswurdsje ta de oanwêzen; dêrnei de forslagen fan "penningmasteresse" en "siktaris" dat wie allegearre aerdich ynoarder. Omreden der twa nije blaeynstruminten oanskaft wurde moasten: Piston en Trombone, kaem Akke de Haan alhiel yn legerwâl mei har húshâldjild en dêrom i der hwer in nij lieninkje slúten by de "Rabobank" to Boalsert.

Siety wie ôftredend as bistjûrslid, lyk as Fokke, mar diz twa minsken binne net wei to tinken út it bistjûr fan de "doarpsfanfare" en binne sadwaende per akklamaesje wer herkoazen yn it bistjûr en namen de bineaming oan.

Harmen de Beer soarge der foar, dat we hwat yn'e glêzen hâlden

"Eensgezindheid" telt op 't heden 25 meiwurkjende leden, inkl. 5 jeugdleden. Forskillende aktiviteiten foar it kommende seizoen steane wer op stapel: 23 nov. ∴ nei it festival to Makkum, mei it stik "Partita Picola" fan Boedijn en de mars "Alla Marc" fan Wichers. Dan mei de krystsneninen in kear yn tsjerke blaze; ek sil der oan wurke wurde, yn gearwurking mei de pleatselike koaren, in joun foar de doarpsgenoaten en útbuorrens to jaen.

De datum foar de útfiering ha we op 4 febr. 1978 steld. Dizze útfiering komt fêst oars as dat we de lêste jierren wend wiene, mar dêr mei ik neat oer fortelle.

By de rounfrage kaem der ek wer hiel hwat los: unifoarmen en faendel binne dizz' kear net neamt. It wie in tige sellige gearkomste; oan'e ein fan'e joun naem foarsitter it wurd, sei ta, dat in elts syn forlangens sa folle mooglik omtinken hawwe soe winske ús wol thús en oant sjens.

O, ja!!!! Nije leden, learlingen musikanten binne fan herte wocom. Tongersdeitojoun wurd der les joun fan 6 oant 7 úre yn it Waltahús; kontaktadres hjirfoar is: Singel 8, tel. 9144.

Siktaris: W. fan Arkum.

Pier Zijsling praet mei Prins Claus

Op 7 en 8 oktober binne yn Dronten, by it Flevohof, de aller-earste Trekker Trek-wedstriiden yn Europa hâlden, organisearre troch it blêd "De Boerderij".

Ut Amerika wie oerkommen it apperaet, dat lutsen wurde moast. Dit apperaet is lang 17 meter, oan de efterkant 2 assen mei tsjillen en luchtbanken en foar oan in soart greate brede slyde. Der boppeop blokken beton om de saek tige swier te meitsjen.

A it gefaarte oanlutsen wurdt, giet it gewicht troch oerbringen fan cardans, kalmoan nei de foarein ta en sadwaende mear druk op de slyde en fansels is dan ek mear kracht nedich. De man op de trekker dy't fierst komt, is dan winder.

Der is lutsen yn trije klassen: boere-klasse, super-klasse en yn de super standaard frije klasse.

De famylje Zijsling fan Baabuorren hat hjiroan meidien; Pier yn de boere-klasse mei in 36 jier âlde Fordson peteroalje trekker, dy't hy op Angterp by in sloper foun hat. Alles tige ynoarder makke, opspuite yn de kleur as foarhinne; de trekker donkerblau en de tsjillen oranje. De namme fan de trekker wie wurden: "Uncle Sam", sa as de Amerikaen neamd wurdt. Pier ek yn de klean sa as wy dat fan him went binne, alles yn de puntsjes forsoarge; hege hoed, skoatjas en in broek mei read en wite strepen. Tagelyk mei dizze Trekker Trek-wedstryd, wie der ek by de Flevohof de jierlikse wrâldkampioenskip ploegjen en dizze waerden iepene troch Prins Claus.

Nei dy iepening kaem de Prins ek efkes nei de dielnimmers fan de Trekker Trek-wedstryden en oan Pier de greate ear om oan de Prins út to lizzen hoe sterk as hy dy âlde trekker wol makke hat; op'e foto's yn De Boerderij kinne jo sjen hoe Pier yn aksje is. De trekker "Uncle Sam" fan Pier hat op freed it swiere apperaet net fan it plak krije kinnen, mar de sneons hat de trekker, dy't it apperaet werom luts, stikum mei oandrukt en Pier brocht it machtige publiek yn extase, sadat de show stellen wie. Djurre en Jelle hawwe in Fordson trekker, neamd Greate Pier mei ûnderdielen fan in oare trekker tige sterk makke en wurden yn de super standaard frije klasse: Djurre twads en Jelle treds. Supporters fan de famylje Zijsling út Enschede kamen mei in great board:

" GREATE PIER EN BOER SIIS,
WINNE TOEGEARRE DE EARSTE PRIIS "

Boalsert, K. Schukken.

ORANJEVERENIGING:

De oranjevereniging hield haar jaarlijkse ledenvergadering op vrijdag 18 nov. Aangezien een gering aantal leden, buiten het bestuur slechts 5 aanwezigen deze bijeenkomst hebben bezocht, zou men geneigd zijn te veronderstellen, dat men zich kan verenigen met de activiteiten van het bestuur. Twee bestuursleden waren aftredend en niet herkiesbaar, te weten de heren A. van Lingen en M. Brandsma. In hun plaats werden gekozen Yep Witteveen en Joh. Dijkstra.

Koninginnedag valt volgend voorjaar op zondag en zal worden gevierd op maandag 1 mei. De gedachten gaan er naar uit iets te organiseren met de Sportvereniging.

Ook de zomerfeesten voor volgend jaar zijn al weer vastgesteld en wel op 11 en 12 aug.

Als het allemaal meer is uitgewerkt, hoort U wel meer van ons.

I.G.

INTOCHT ST. NICOLAAS:

Ook dit jaar maakte St. Nicolaas weer z'n intocht in ons dorp. Vanuit richting Bolsward arriveerde hij met de boot bij de opslag. Na door het muziekkorps "Eensgezindheid" en een enthousiast publiek te zijn verwelkomd, maakte de Sint, met 3 pieten, een rondrit door het dorp in een hiervoor geschikt auto, bestuurd door ook een zwarte Piet.

Nadat de Sint enkele zieke kinderen in het dorp had bezocht, ging men naar het "Waltahús", waar de Sint en z'n Pieten, met medewerking van het korps werden toegezongen. Na hier en daar wat reprimandes te hebben uitgedeeld en natuurlijk ook veel lovende woorden te hebben uitgesproken, maakte de Sint de uitslag voor de tekenwedstrijd bekend.

Uitslag: kleuter : Rieneke Speerstra,
laagste klassen: Jan Hiemstra,
hoogste klassen: Eelkje Velema.

De kinderen kregen van de Pieten nog een kleine versnapering mee naar huis. Hierna verliet het gezelschap het "Waltahús" en werd de Sint met z'n gevolg uitgeleide gedaan door zingende kinderen en onder de klanken van "Eensgezindheid" vertrok de boot weer richting Bolsward.

I.G.

Reis nei stêd!

Wy libje yn in tiid fan ekonomyske delgong en eltsenien moat ekonomysk mei de sintsjes omspringe. In mûglikheit om dat to dwaen is fansels om goedkeape boadskippen yn 'e stêd to heljen, hwant der is alles folle better en folle goedkeaper. Kees X teach yn dizze wittenskip nei stêd. Kees hie gjin auto, mar de bus riid alle ûren en twa goune reisjild wie ek heal forgeas. Kees nei de greate supermerk, it listke fan 'e frou yn 'e hân. Skoften doarme Kees troch de winkel en dat makket toarstich.

Mei de wykeintas fol boadskippen ûnder 'e earm, foun Kees it kafeeke, hwer 't er nei it ynkeapjen altyd efkes oangong. Hearken, hwat siet dat efkes noflik en hwat smakke dat bearenburchje lekker. Kees wie net wend op ien foet to gean en sadwaende hâldde de kastlein ek wurk.

It waard gesellich yn 't kafé en Kees forgeat frou, bus en boadskippen. De lêste bus wie lang al fuort, doe't Kees de rekken foldie en yn in taksi thús ôfleverre waard; de sjo-fear reage Kees út 'e wein, sette de boadskippen op 'e stoepe en joech frou X de wink.

De beurs wie sawat leech, mar de goedkeape boadskippen wiene der en der gyng it om. Kees waard fan 'e frou op bêd fûtere; de joun wie dochs bidoarn.

Dit forhael is sawat út, mar o hwat die nou bliken? Kees hie de sûker forgotten! Al hwer gjin need, de winkelman fan 't doarp wie der ommers ek noch!

It winkelmantsje brocht de sûker (jawis, efkes bringe) en de femylje X wie rêdden.

Jan D.

Neiskrift: As ik doarps-winkelman west hie, hie X de sûker fcar de kop krige.

VERHUISBERICHT:

Fam. B. Kramer is verhuisd naar Bolsward, naar de Cl. Fonteynestraat 14.

We willen langs deze weg allen in Tjerkwerd en daarbuiten, dag zeggen, alsmede bedanken voor elk lidmaatschap.

Ik koe fansels fan tinken wol hawwe, dat dy bilangstelling my net gou, dat ik haw der fierder ek gjin omtinken oan jown.

Oan't se op in moarntiid, it sil in ûre as alve west hawwe, kaem to sjen en thús bleau. Der waerd nei in kollega skill dy't de klasse oernimme soe. Tsjonge, jonge nou soe it heve. Ik fielde my, jong! Wiene wy - nou ja, Amarinske eins - ris efkes wichtich wurden! Foar my waerd it ynteressant, doe't Amarinske opiens it hiele bêd wiet makke en de frou alle war die om har yn dy moaie houten kiste to hâlden, dy't al in pear wike klear stien hie. Ik bin op it puntsje fan it buro sitten gien en sa koe ik alles dúdlik fan boppen ôf bisjen. Ik doarst der ek net mear wei to gean. Stel jo foar, dat de frou help nedich hie. En ja hear, it duorre mar efkes, doe moast ik al opdrave. Doe't de earste berne wie - dat it derom draaide hie fansels allang yn de gaten, sa ûnnôzel bin ik nou ek wer net - woe Amarinske dat wiete skarminkel op bêd dellizz Foar't de frou der foar koe, hie se it al ûnder de tekkens stoppe. Ik haw my de eagen útsjoen. Heden, heden, hwat gie dat moai. De frou hielendal fan't sintrum en Amarinske die krekt as makke se sa fluch as se koe in knipkaart op tusken it bêd en it kistke.

Op it lêst krige ik bigreatsjen mei dat lytse mantsje, dat dêr yn Amarinske's bek hinne en wer bongeale. Ik bin doe mar efkes by har yn de koer sitten gien om de lytse ôf to slikjen. As it minske wer drige om der út to gean, joech ik har ek in slik. Dat foun se prachtich en se woe dat ik tichte yn de buer bleau. Doe't de twadde op kommende wei wie, hat de frou my foarsichtich út de koer tild, mar se biloofde my, dat ik der fuort dêrnei wer yn mocht en se foun it ek wol goed dat ik oer de rânne hong. Tsjin healwei trijen kaem nûmer fjouwer der út. Dy greate oanstelster fan in Amarinske die krekt as wie se dea wurch en liet dy lêste sa wiet en fiis as er wie, lizze.

Neffens my hie se gewoan gjin sin mear, hwant dy fjouwer jonges wiene der sûnder mankearen útrôle. Hawar, dat kistke koe der sa net by lizzen bliuwe, dat ik haw him mar efkes skjinpoeft. Meiens haw ik Amarinske in greate beurt jown, hwant dy koe it neat skele hoe oft se der by lei. Doe't einlings en to'n lêsten it hiele spul skjien en oppoeft lei to sobjen, wie ik deawurch. 'k Wol't wol earlik witte. 't Falt net ta om bern to krijen en dan wiene it noch net iens myn eigen. Ik bin moai by Amarinske yn de koer krûpt en lekker tsjin har oan lizzen gien. Dat hie ik wol fortsjinne, foun ik.

Kreamheine: men wit net, hwer't men oan bigjint.....

Mei ik my efkes foarstelle. Ik bin Frisger. Ik bin in snijde boarre en troch de wike wenje ik togearre mei Amarinske - en de frou fansels - yn in hûs mei in hiele gekke namme: "Lillepypkersbonge". It bitsjut soksahwat as doedelsek, Teau ik. Hwerom't de frou har hûs sa neamd hat, wit ik net krekt, mar it hat neffens my hwat te krijen mei it feit, dat hjir altyd fan dy ûnforwachtse dingen barre; lykas in doedelsek: der komt noch hiel lang lûd út sûnder dat men der hwat oan docht.

In skoftke lyn raesde de frou, dat der hjirre altyd forkearde dingen útkomme. Ik koe har moai razen sjen, hwant ik siet noflik mei myn poepert troch it iepensteande bopperút yn de keamer. Noch efkes de oare ein sakje litte en dan Safier is it net kommen; dat gerop en geraes blykte efterôf foar my ornearre te wêzen. Neffens my freeslik oerdreaun.

Yn de foarige Skieppesturt hawwe jim it bertebirjocht fan Holder, Alderik, Ryklef en Heareward lêze kinnen. Nou sil ik jimme ris trochdwaen hoe oft dat allegearre om en ta gien is, ik wie der nammentlik by, sjoch.

It dögde al in hiel set net earlik to uzes, der wie hwat, koe ik oan alles wol fornimme. As ik boartsje woe, jimme witte wol fan dy lekkere wylde spultsjes, lykas boppe oer de stuollen hinne en moai glydzje op it perske, dat op de tafel leit, siet Amarinske my mei greate eagen oan to sjen as hie se noch nea earder ûndogensk west. Earlik is earlik, se wie altyd al in bytsje bang, dat de frou lik wurde soe en die it dus in bytsje kalm oan. Nou die se lykwols hielendal neat mear. Nou ja, se stie noch wolris har neils to skraebjen oan de klaubeam, dy't midden yn de keamer stiet, mar dat wie dan ek alles. As se sa oan de gong wie, koe ik har moai yn har dikke bûk bite en lik dat dat minske dan waard!

Net dat ik derom bang foar har wie hear, mar it liket sa raer as men fjochtet mei in frouminske, dat ik mijde har de lêste tiid mar hwat. Letter krige ik yn de rekken, dat it krekt fan har dikke bûk kaem. Ik haw der ôfgriselik om lake. Se roun de lêste wiken mei har skonken wiid út en liet har bûk hinne en wer skommelje.

Doe kaem de frou opiens alle moarnen ûnder skoaltiid efkes thús om it spul troch it gat to sjen.

De frou wie it der leau ik net sa botte mei iens en preuveleminje soksahwat as dikke fette baerch, mar dat sil wol net sa bidoeld wêze. Of net sa bidoeld, ik nim wolris in pykje dat net foar my ornearre is, mar hwat soe nou sa'n iene pyk, dêr wurdt men dochs net bargefet fan!

Hawar, ik wol net opskeppe, mar as jimme goed lêzen hawwe, witte jimme nou hwer't jimme in goede baskster fine kinne.

Frisger.

=====

Biljartvereniging H(arm), T(jamme), S(int), te Tjerkwerd.

De vereniging is begin september begonnen met de jaarlijkse kompetitie met 14 leden.

De stand op dinsdag 8 november is als volgt:

No.	NAAM	Gesp.	Gew.	Verl.	Punt.
1	H. de Boer	10	8	2	16
2	J. Reidsma	10	8	2	16
3	M. v.d. Wal	11	8	3	16
4.	B. Volbeda	9	7	2	14
5	F. de Boer	10	7	3	14
6	R. de Jong	10	5	5	10
7	S. Hiemstra	11	5	6	10
8	A. de Haan	7	4	3	8
9	D. Bakker	8	4	4	8
10	J. Blanksma	10	4	6	8
11	K. Schukken	9	3	6	6
12	M. Brandsma	11	2	9	4
13	D. Walsma	8	1	7	2
14	E. Ypma	10	1	9	2

Op dinsdag 13 december spelen 10 biljarters van de klub uit Tjerkwerd tegen een gelijk aantal spelers uit Parrega. Begin folgend jaar gaan de Tjerkwerders naar Parrega.

K. Schukken, kompetitieleider Tjerkwerd.

MEDEDELINGEN UIT HET WALTAHUS:

- * Vrijdagsavonds draait "Disco Johnnie Music" alle soorten schijfjes (muziek !!!): van Opera tot Punk. Het Waltahús gaat dan ongeveer half 10 open.
- * Zaterdag 26 november was er een K.P.J.-dansavond.
- * Woensdag 30 november is het Waltahús gesloten voor de "dorps-activiteiten" i.v.m. het huwelijk van Fedde Hornstra en Sara Zijssling (bruiloft dus).
- * 1 Januari is er weer Nieuwjaarsbal!
Voor alle Tjerkwerders, jong en oud!
- * Wilt U een lekkere huzarensalade
(van 2 - 10 personen). Bestel dan tijdig bij Sietse Bakker.
- * Het korps houdt haar jaarlijkse uitvoering op zaterdag 4 febr. '78.
- * Het jeugdkoor "Con Spirito" wil U op zaterdag 17 december een gezellige avond bezorgen, met eventuele plaatuitreiking.
- * Ga dinsdagsavonds ook eens naar het Waltahús
- * Voor een ieder, die belangstelling en plezier heeft in kaarten en biljarten, ligt hier Uw kans. U hoeft zich voortijdig niet op te geven. Het is momenteel zo, dat een ieder vrij mee kan doen, onder het genot van een consumptie. Mensen, kom eens bij de T.V. vandaan en ga dinsdags naar het Waltahús voortaan. Aanvang is altijd 8 uur.

Wij willen U hierbij bedanken voor de felicitaties, attenties en alle andere blijken van belangstelling bij de geboorte van onze dochter

TJITSCHÉ

Sietse en Doetie
Bakker.

BOARGERLIKE STAN

Sietse en Doetie Bakker-Nolles hawwe op 14 okt. in famke krigen. Har namme is TJITSCHÉ. Hja hiene ek, al in famke.

28 Okt. waerden Jan, Wyke en Jan Rinse Blanksma forbliide mei de berte fan harren famke en suske
TEATSCHÉ NYNKE,

Ds. en mevr. Nijenhuis-Roosendaal krigen op 1 nov. in jonkje. Syn namme is:
GIJSBERT CORNELIS ROELOF FREDERIK.
Mei Jan Diederik, in aerdige twakaert.

DIRK BAKKER en CLARA DIJKSTRA binne op 25 nov. troud, wylst dyselde dei ek ús skoaljuffer WIEPIE WIERSMA yn it houliksboatsje stapt is mei ROEL WOULDSTRA.

30 Nov. sille SARA JACOBA ZIJSLING en FEDDE HORNSTRA de lapen byinoar smite.

.....
Oan eltsenien, dy 't ús by de berte fan TEATSCHÉ NYNKE bitocht hat mei blommen of kado's, of op oare wize bilangstelling toand hat, sizze wy ús hertlike tank.

Jan, Wyke,
Jan Rinse en Thea Nynke.

.....
BERTUS WALSMa en NELLIE JORNA geane de lange hier yn op 23 december.

"ENGELSE LES"

Der binne inkelde minsken yn Tsjerkwert e.o., dy 't noch wolris ingelske les hawwe wolle. It soe wol aerdich wêze, as der in groepke foarme wurde koe. Wolle Jo ek meidwaen, skilje dan efkes mei Richtsje Speerstra-Bakker om ynljochtingen. Tel.2635.

EEN FINANCIËLE KANTTEKENING:

Het streefbedrag is ongeveer f 10,-- per jaargang (niet teveel dus). Wij vermelden dit, omdat dit van verschillende kanten werd gevraagd.

Uw bijdrage kunt U overmaken per giro en per bank. Maakt U per giro over, dan dient dit te geschieden op gironr. 856.829 t.n.v. de Rabobank te Bolsward.

Op Uw giroopdracht dient U te vermelden:

bankrek.nr. 3087.56.800 t.a.v. It Skieppesturtsje, Tjerkwerd.

Per bank dus overmaken op reknr. 3087.56.800 van de Rabobank te Bolsward, met dezelfde omschrijving als hierboven.

+++++

Tjerkwerd is een dorpje klein en het is fijn om één van de ± 450 inwoners te zijn. Een dorpskrant is in ons dorp ook uitgekomen en haast iedereen is hier mee ingenomen.

Want het nieuws van A tot Z, wordt in ons Skieppesturtsje gezet.

Maar een krant heeft ook zijn zorgen, meestal houdt men die verborgen.

Maar de laatste Skieppesturt, heeft ons hier iets van verteld,

en daarin stond vermeld:

"Wie een kleinigheid wil bijdragen, kan het aan de Rabobank overdragen".

Iedere inwoner kan hier dus iets voor geven, dan zou de Skieppesturt dus kunnen blijven leven.

Maar heeft Dorpsbelang hierin misschien ook een taak?

Het is toch voor een goede zaak!

Als de inwoners en het dorpsbelang de handen ineen slaan, dan kan het met de Skieppesturt niet verkeerd gaan.

Johanna.


Bijdragen :

Us skathâlder krige bijdragen fan :
D. Walsma en Zn, Iemswâlde; S. Tolsma, Ljouwert;
G. R. van der Berg, Iemswâlde; B. Kramer, Boalsert;
J.J. de Jong, Drachten; H. de Boer, Singel;
D. Bakker, Waltawei; W. de Vries, Waltawei;
A. Posthumus-de Boer, Singel.

Tige tank !!!!!!!!!!!!!

Snypsnaren :

- der binne inkelde minsken, dy't dit krantsje net smakket ! Adfys : goed kôgje !!!!!
- ús nije en tige wurdearre doarpsomropper Freark Schakel draecht de orde fan de " Kouseband".
Oansprektitel fuortoan : Lord Frederik.
- Pier en Lammie wiene 12 $\frac{1}{2}$ jier troud.
- sânt Harry "Citroen" Draaisma hjir wennet, stigt it tal Citroëns mei sprongen.
- slagge foar "verloskundige" : Rients van Buren en Jan Dijkstra.
De examencommissie: de heren J. Spër^estra en D.v.d. Meer.
- birjocht fan Koning Klant (sjoch artikel oer goedkeape boafskippen) :
 1. woarst fan Hoy à 225 gram: by poiesz f. 1.39
by Kikstra - 0.99 !!!
 2. melba toast foar by de boarrel:
by Kooistra f. 1.40
by Kikstra - 1.29 !!!
- komt der yn de bakkerij in bistro ?
- hwat soe dat wêze ?
- Hans B. en Roelien G. kuyerje jouns in protte mei de houn. Net sa sear om de houn
- . as hounen ris prate koene.....
- de bern fan Beabuorren hâldden ek dit jier wer harren "snoepronde" yn forbân mei Sint Maarten.
Doe't it gesang út wie, stiene der 12 bern op 'e stoep. Op 'e fraech mei hoefolle binne jimme, waard der sein : mei 13. Neffens harren wie der ien siik.
- aangeboden : gewassen grindtegels. Te befragen : Sylroede 7 (alleen voor snelle beslissers).
- Maurix' hippsch centrum begint er al op te lijken.
- Skilderwurk-frege yn 'e fakânsje, expert yn heech skilderwurk mei 50 % winterkoarting . Sylroede 5.
- Jannie leit op it koar oer 'e heap mei krusen en mollen, de mol sit raer foar 't krús.



3

3